

Van

FNP, dhr. A. Eijer

Portefeuillehouder

Weth. Van Veen

Behandeling ambtenaar

Dhr. J. Kleinheerenbrink

Datum ontvangst vragen

28 februari 2022

Vragen beantwoorden voor

28 maart 2022

Tolbrugschans

De Tolbrugschans yn Aldhoarne is al 4 jier dwaande mei in oanfraach foar rekreaasje ûntwikkelingen op de lokaasje oan de Berkeaper dyk. Yn earste ynstânsje wie de provinsje net sa wiis mei de plannen mar troch de ynstek fan it kolleezje binne der wol stappen set mar der is noch neat konkreet.

De Tolbrugschans hat oer de plannen ek wol gau ris oerlis mei amtenaren mar nei elk oerlis komme der wer nije fragen en moat de Tolbrugschans mei oanfoljende ynformaasje komme.

Sa is dit ek nei it lêste kontakt yn desimber. De gemeente stelt dan dat der wol flinke stappen set binne mar dat der noch net genôch ynformaasje is om it plan goed te beoardielen. Sa moat Tolbrugschans oanfoljende ynformaasje jaan oer: *O.a. informatie over het toeristisch concept, de financiële haalbaarheid en bedrijfsmatige exploitatie, marktruimte, juiste doelgroep en voorzieningen en duurzaamheid en streekeigenheid ontbreekt op dit moment nog.*

1. Sûnt wannear is it kolleezje op de hichte fan plannen fan de Tolbrugschans?

Yn july 2018 is in prinsipe-oanfraach yntsjinne foar it realisearjen fan 60 rekreaasjewenten op it terrein van de Tolbrugschans. Yn juny 2019 waard der in oanpast plan yntsjinne.

It plan foldocht net oan it bestemmingsplan. In útwreiding is op grûn fan de Verordening Romte allinnich mooglik yn of by in rekreaasjekearn. Oldeberkoop is in rekreaasjekearn, lykwols nei miening fan de provinsje bestiet der gjin funksjonele of fysike gearhing tusken Olderberkoop en dit perseel. Dit fûnen wy as gemeente lestich út te lizzen, dêrom is bestjoerlik oerlis west mei de provincje om helder te krijen oft der in funksjonele en fysike gearhing is tusken it neamde perseel en de kearn Oldeberkoop; dit is net oan 'e oarder. Alhoewol't der dêrtroch formeel gjin romte is om meiwurking te ferlienen oan de plannen, ha we yn it foarjier fan 2020 op bestjoerlik nivo oerlis hân mei de inisjatyfnimmers.

2. Wat hat it kolleezje op dat momint oan de inisjatyfnimmer fertelt?

De portefeuillehâlder hat, út namme fan it kolleezje, yn april 2020 oerlis hân mei de inisjatyfnimmer. Dêrby is oanjûn dat it inisjatyf yn de oanfrege foarm net past yn it

belied fan de Provinsje en de gemeente, mar dat de gemeente wol entûsjast is oer it plan en wol sjen wat mooglik is.

Wat neffens it jildend belied – ûnder betingsten – tastien is, is in útwreidzjen fan in minicamping oant 15 kampeerplakken (eventueel mei in ôfwikingsproseduere útwreide oant maksimaal 25) en 10 trekkershutten.

Yn it oerlis is dus lykwols oanjûn dat de gemeente eventueel kânsen sjocht foar in ûntwikkeling. We ha oanjûn om hjirfoar neier oerlis mei de Provinsje op te pakken. Wol moat de lokaasje better oanslute by it iepen lânskip, de historyske kontekst fan de lokaasje en in foarsjoen wêze fan in better útwurke toeristysk konsept mei omtinken foar de bedriuwsmatige eksplotaasje. Punten fan omtinken binne dêrby: duorsumens, bydragen oan 'slimme groei', it wolwêzen fan ynwenners en de kwaliteit fan de leefomjouwing. Ek moat it inisjatyf wat aard en omfang oanbelanget, passe by de omjouwing en regio. Dêrby is mei klam oanjûn dat we it tal fan 60 rekreaasjewenten net passend fine.

Yn it petear ha we de inisjatyfnimmer boppedat in tal konkrete hanfetten jûn as it giet om romtlike aspekten, de skaal fan it plan yn relaasje ta de lânskiplike ynpassing, de marktromte mei de kreative doelgroep en foarsjennings. Ek is der frege nei de ekonomyske helberheid fan de eksplotaasje. Dit hat ek te krijen mei de saneamde 'ferhierberheid'. Fierder binne de gebrûklike ûndersiken beneamd dy't needsaaklik binne foar de fierdere behanneling, tink dêrby oan bygelyks archeology, ekology en sa fierder.

De Provinsje hat dêrnei oanjûn dat der binnen de kaders van de ûntwerp-omjouwingsfyzjegeevingsvisie romte is foar de ûntwikkeling fan ferbliuwrekreaasje op dit plak, mar stelt der wol betingsten oan: nije ûntwikkelings wurde by foarkar ynset foar it behâld fan de fitaliteit fan (foarsjenning yn) doarpen en stêden, passend by de Fryske identiteit en de doelgroep kultuertoerisme. De ynpassing derfan yn de omjouwing bart op basis van maatwurk, mei tapassing fan de prinsipes: sunich en mearfâldich gebrûk fan de romte, omjouwingskwaliteiten as ûntwerpbasis, koppeling en ferbining as útdaging en sûn en feilich. Oandachtspunten hjirby binne: (markt)potinsje, oansluten by de besteande rekreative foarsjennings en akkomodaasjes (konsintraasje foardielen), draachflak yn de omjouwing, fersterking fan kultuer- en natuererfgoed en fan leefbaarheid yn doarpen en stêden.

3. Wêrom wurdt inisjatyfnimmer net direkt by de earste oanfraach fertelt hokker ynformaasje hy oanleverje moat?

Ut it foargeande docht bliken dat de kaders en rânebetingsten, dy't by de ûntwikkeling fan in rekreative foarsjenning yn acht nommen wurde moatte, by de inisjatyfnimmer bekend wienen. Dy binne dêrnei ek net wizge. It giet hjir net om it hieltyd op 'e nij freegjen om oanfoljende ynformaasje, mar om it (werhelle) beoardieljen oft der foldien wurdt oan de stelde kaders en rânebetingsten en wêrby't we oant no ta hieltyd de konklúzje lûke moasten dat der net oan foldien is.

Boppesteande fragen gean oer dit spesifike gefal. Mar de FNP hat it gefoel dat dizze wurkwize, op elk momint oanjaan dat der mear ynformaasje nedich is, struktureel is. Dêrom de folgende fraach dy't we al al faker stelt ha:

4. Wêrom wurde inisjatyfnimmers net direkt by it earste kontakt fertelt hokker ynformaasje op welk momint oanlevere wurde moat. Hjir troch soe neffens de FNP oanfragen snelle behannele wurde kinne en in soad frustraasjes by inisjatyfnimmers wei nimme kinne.

Algemeen

Wanneart der in plan net past yn it bestemmingsplan en jildend belied, dan is it meast snelle en dúdlike antwurd in ôfwizing. De gemeente wol lykwols graach inisjativen stimulearje en útnoegje. Fanút de 'ja mits' gedachte. Dit betsjuttet lykwols maatwurk en in (gesamenlik) proses ta oanskerping en oanpassing fan plannen. Dit maatwerk freget fan sawol de oanfrager as de gemeentlike organisaasje in soad ynspannings. Wat we ek merke is dat der bêst in soad frege wurdt fan in initiatiefnimmer om in oanfraach op in planologysk kwaliteitsnivo te bringen. Feitlik komt it der op del dat foar in yndividueel gefal in nij bestemmingsplan makke wurde moat dat, net as alle bestemmingsplannen, oan in soad wetlike kaders, eigen planologyske kaders en kwaliteitseasken foldwaan moat. Dit proses dat mei-inoar plakfine moat is gjin standert paad. It betsjuttet dat der net op foarhân krekt te sizzen is wat der allegearre nedich is oan ûnderbouwing.

Foarwerlis en ôfwiking bestemmingsplan en jildend belied

Dit spesifike plan sit no yn de planfoarmings- en ôfstimmingsfaze, ek bekend as it foarwerlis. Omdat het plan net foldocht oan it jildende bestemmingsplan en bestand belied, is it net maklik oan te jaan hokker gegevens nedich binne. Wol binne hânfetten meijûn en is oanjûn op hokker flakken oanpassing fan it plan needsaaklik is en hokker ynformaasje noch mear nedich is. Dat der op elts momint ekstra ynformaasje frege is, kloppet net.

Yn dit spesike gefal hat it lang duorre. Oan de iene kant omdat de kontoeren fan nij belied en de oanpak fan Vitale Logies (Provinciaal Programma) noch net helder wienen. En oan de oare kant omdat de plannen fan de inisjatyfnimmer te fier ôfweken fan wat passend is by de lânskiplike kwaliteit en wat akseptabel is kwa aard en skaal fan it perseel en de omjouwing (te hege oantallen). Mei oare wurden, der wie noch gjin helder toetsingskader.

Dêrnjonken hat de inisjatyfnimmer (lang) gjin ynformaasje jûn om ynsjoch te jaan yn de finansjele ûnderbouwing en de borging fan de toeristysk rekreative eksploitaasje. Dit is oant no ta noch hieltyd net hielendal dúdlik. Wol hat oansluting plakfûn by it Provinciale Actieprogramma Vitale Logies en hat de inisjatyfnimmer de ynstruminten foar ûndernimmers út dit aksjeprogramma ta syn beskikking.

Oanfraach omjouwingsfergunning

Sa gau as der in oanfraach omjouwingsfergunning yntsjinne wurdt sille we oanjaan hokker ynformaasje nedich is om dy oangraach yn behanneling te nimmen. Hjirby is it wol sa dat hoe mear maatwurk der nedich is om oan dy oanfraach meiwurking ferliene te kinnen, hoe tichterby de grinzen komme fan wat (ûn)mooglik is en we somtiden ek geandewei it proses, neier ûndersyk nedich ha om fêststelle te kinnen oft it plan binnen de mooglikheden past.
